

SKRIFTLIKE FRAGEN, eks kêst 42 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Avine Fokkens-Kelder
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p>Op 14 desimber is de A7 tusken Snits en De Jouwer ôfsletten omdat de flier fan it akwadukt ûnder it Prinses Margrietkanaal nei boppe kaam is.¹ De ferwachting is dat it probleem net op koarte termyn ferholpen wurde kin. Trochdat de Rykswei A7 troch it akwadukt op dit stuit net mear brûkt wurde kin, is it in stik drokker op de alternative omliedingsrûtes troch de doarpen hinne.²</p> <p>De Prinses Margrietunnel is yn 1977 iepene. By de bou wie der in iepen útgraving, dy't drûchmeald waard mei djipûntwettering. It akwadukt bestiet út ferskillende stikken, wêrfan't de djipste fundearre binne op foarspande trekpeallen.³ It liket derop dat it probleem yn de konstruksje fan dy fundearring sit en dat it probleem net ienfâldich op te lossen is.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Hat it kolleezje, of Rykswettersteat, sicht op hoe lang 't de Rykswei A7 by Twellingea ticht wêze sil en op hokker termyn it ferkear aanst wer fia de Rykswei A7 tusken Snits en De Jouwer ride kin?2. Wat docht it kolleezje om yn oparbeidzjen mei de oare oanbelangjende oerheden der foar om te soargjen dat it reparearjen fan it akwadukt de heechste prioriteit kriget yn De Haach, ek yn ferbân mei de ferkearsfeiligens en oerlêst op de alternative omliedingsrûtes troch de doarpen dy't no brûkt wurde?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening)
	FNP, Sijbe Knol

Datum	19 desimber 2022
-------	------------------

¹ Omrop Fryslân, 'A7 tusken Snits en De Jouwer bliuwt foarearst ticht troch omheechkommend asfalt', 14 desimber 2022; 'Problemen akwadukt A7 grut riedsel foar Rykswettersteat', 15 desimber 2022;

² Ljouwerter Krante, 'Verkeersader A7 tussen Joure en Sneek nog maanden onbegaanbaar: 'Was een waterballet geworden zonder zandzakken'', 16 desimber 2022;

³ Kees Stikma, 'Tunnels in Nederland – Ondergrondse Transportschakels', tweede druk 1993, uitgave onder auspiciën van Bouwdienst Rijkswaterstaat afdeling Tunnelbouw, mede mogelijk gemaakt door Ballast Nedam Beton- en Waterbouw bv, Dirk Verstoep bv, Hollandsche Beton- en Waterbouw bv, Van Hattum en Blankevoort bv, Tunnel Engineering Consultants, p. 64-67 (Prinses Margrietunnel).